

De paadsljochter

Nijsbrief fan de FNPjongerein



Nûmer 7 – septimber 2013

=====
Dit nijsbrief hat ta doel om de FNPj-efterban en oare nijsgjirrigen op de hichte te hâlden fan saken oangeande de FNPjongerein. Jo meie dit nijsbrief trochstjoere oan oare minsken dy't sympaty hawwe foar de FNP en syn gedachteguod. Sprekke jo leden dy't de nijsbrief net krije dan hearre we dat graach.
=====

It is mei sizzen net te dwaan...

De simmerfakânsjes binne wer foarby en de stúdzje of it wurk is wer begûn. De FNP koe nei it simmerskoft ek it startskot jaan foar de kampanje yn de weryndielingsgemeenten mei as ferkieziingslogan *Minder Den Haach, mear Fryslân*. Us temajûn fan 9 septimber slute moai oan by de nije slogan want as sintraal ûnderwerp hienen wy keazen foar de takomst fan Fryslân. Mei in gastsprekker út Skotlân en ús nije foarsitter fan it haadbestjoer Ultsje Hosper waard de jûn folpraat. In koart ferslach fan dy jûn kinne jim hjirûnder neilêze. In oar ûnderwerp wat no spilet is de takomst fan de FNPjongerein. Saapke Voolstra is alwer de twadde foarsitter fan de FNPjongerein en nei fiif jier wurdt it tiid foar nij bloed sadat Saapke no neist har wurk begjinne kin mei in nije oplieding. Dêrom sykje wy no in nije foarsitter/koördinator. Liket dy dat wol wat? Lês dan hjirûnder de fakatuere/profylskets en reagearje!

Mei freonlike groetnis,

Jim FNPjongerein

Temajûn Takomst fan Fryslân in grut súkses

Op 9 septimber wie yn Ljouwert de debatjûn fan de FNPjongerein mei as tema: de takomst fan Fryslân. It wie no al de twadde kear dat de FNPjongerein syn temajûn yn it ferboude gymnastyklokaal fan debatsintrum De Bres hold. Humorfol detail is dat it tema fan de foarrige debatjûn net in soad ferskilde fan dizze. Doe hienen wy it oer de provinsje plus.

Spesjaal foar dizze jûn hienen wy sprekkers út Skotlân frege. Dêr binne se al folle fierder mei harren autonomy, en yn septimber 2014 sil dêr sels in referindum holden wurde oer folsleine ûnôfhinklikens, dus hielendal frij fan Grut-Brittanië. Twa man fan de Young Scots for Independence (YSI, jongereinôfdieling SNP) binne spesjaal foar de jûn nei Ljouwert ta set.

Sa sjochst mar wer dat de goede binning mei ús susterpartijen binnen de EFA ek bûten de wenstige gearkomsten ûnderhouden wurde. Omdat de FNP no ek siket nei oare paden foar in selsstannige bestjoerlike takomst fan de provinsje Fryslân, hienen wy de nije foarsitter Ultsje Hosper frege om wat mear te fertellen oer it fisystik dat by de Algemiene Ledegearkomste fan 31 maaie 2013 yn Wurdum ferdútsen waard.



Om healwei achten gongen de doarren iepen fan it altyd sa smûke debatsintrum oan de Skoalstrjitte. De opkomst foel mei in dikke tritich besikers absolút net ôf. Underskreaune hat it lêste healjier by ferskillende debatjûnen west yn De Bres dy't organisearre waarden troch ferskillende politike partijen. By de bêst besochte debatjûnen hellen se de tweintich besikers noch net, wat dat oangiet kin it dus altiten minder. Nei in iepening fan FNPjongerein foarsitter Saapke Voolstra mocht David Linden fan de YSI ôfstekke mei syn ferhaal. It ferhaal begûn by it oprjochtsjen fan de partij yn 1934 en David gong pratendewei de wichtichste mominten bydel yn de skiednis fan SNP en it resinte bestjoerlike ferline fan Skotlân.



Doe't dat dúdlik waard koe David syn ferhaal fertelle oer de kampanje dy't de SNP de lêst jierren fierd hat. De kampanje fan de SNP liet foaral in posityf lûd hearre oer Skotlân, basearre op hurde sifers en mienskipssin. Yn ferbân mei it referindum fan septimber 2014 is der ek in kampanje tsjin de ûnôfhinklikens útein set. David ferhelle oer de saneamde *fear campaign* fan de tsjinstanners fan ûnôfhinklikens. Dat hâldt yn dat de tsjinstanners fan de ûnôfhinklikheid fine dat Skotlân te lyts, te dom, en te earm wêze soe. En oer dat lêste punt is aardich wat te dwaan. David die ús ek te witten dat, neffens de nasjonele statistiken fan it Feriene Keninkryk, Skotlân elk jier 4 miljard pûn tefolle betellet oan Londen. Boppedat stiet der yn ferskillende regearingsdokuminten fan Westminster te lêzen dat Skotlân noch foar fjirtich jier natuerlike grûnstoffen hat en dat dy grûnstoffen tsientallen miljarden opsmite moatte. En sa hie David in sterk en ynspirearjend ferhaal foar de gasten, dy't it him net kwea ôf namen dat er krekt wat mear tiid nedich hie as it healoerke dat him tasein wie.

Nei in koart skoft krige ús eigen Ultsje Hosper de flier. Ultsje gong yn syn ferhaal de besteande problemen noch wer eefkes bydel en begûn doe oer de mooglikheden foar Fryslân op de koarte termyn. Dêrby waard as konkreet foarbyld neamd it brûken fan Fryslân as proeftún foar it oerdragen fan rykstaken, sa't it regear it no ek wol mei de nij te foarmjen provinsje *Noordvleugel* (Flevolân, Utert, Noard-Hollân). Dúdlike foarbylden fan de lange termynfisy waarden yn it ferhaal fan Ultsje noch



net neamd. Foaral oer dat lêste hienen de gasten graach mear hearre wold. Mar it boadskip dat de besikers konkreet mear dwaan wolle mei in eigen bestjoerlike takomst foar ús provinsje, dêr't ek mear foech by heard, waard oan de ein fan de jûn wol dúdlik. Dêrmei liket de fraach op de noeging foar de jûn ek wol beäntwurde.

Foar de besikers wie it dúdlik dat Fryslân mear foech fertsjinnet en dat der oer foarm en ynhâld noch hiel wat te sizzen is. Wat ús oanbelanget wie de jûn dêrom allinnich al in grut súkses.

Fakatuere: Foarsitter FNPjongerein

De FNPjongerein is in kommisje fan FNP-leden oant en mei 30 jier. De kommisje bestiet sûnt 12 septimber 2007. De kommisje hat in eigen budzjet dat yn hannen is fan de FNP-ponghâlder. De FNPjongerein hat kontakten mei de JPF en de EFA. De FNPjongerein organisearret aktiviteiten foar sawol de jongereinleden as sympatisanten.

De FNPjongerein siket in nije foarsitter/koördinator

Wy sykje ien dy't:

- Lid is fan de FNP
- De sân kearnwearden fan de FNP ûnderskriuwt
- Sosjaal kundich is en demokrasy heech hat

Taken dy't hjirby hearre:

- Fergaderskema mei gearkomsten fan de jongereinleden meitsje en byhâlde
- Noed stean foar de kontinuïteit fan de FNPjongerein
- It yn oerlis delegearjen fan taken ûnder de kommisjeleden → FNPjongerein-takelist
- Sawol binnen as bûten de FNP kontaktpersoan wêze foar de FNPjongerein

Hasto ynteresse? Stjoer dan in e-mail mei motivaasje nei jongerein@fnp.nl

Reagearje foar 1 oktober 2013!

www.fnpj.nl

fnpjongerein@gmail.com

jongerein@fnp.nl



fnpjongerein



jongerein@fnp.nl



@fnpjongerein

